

MOASJE

Yn te foljen troch de griffier

Yntsjinner: FNP
Mei-yntsjinner(s): CDA VVD

Moasje nr.	
Paraaf	
Wurklistpunt	
Beslút	

MOASJE, ex artikel 30 Reglement van orde

Steategearkomste	27 maaie 2020
Wurklistpunt	Moasje frjemd Stikstof
Koarte titel fan de moasje	Moasje frjemd Stikstof
<p>De Steaten, yn gearkomste byien op 27 maaie 2020</p> <p>heard hawwende de rieplachting;</p> <p>konstatearjende dat</p> <ul style="list-style-type: none">De Minister fan Lânbou, Natuer en Itensfeiligens (LNV) yn har Keamerbrief fan 24 april II. oanjûn hat dat it kabinet de problematyk fan de stikstof struktureel oanpakke wol mei in tsjok pakket oan maatregels foar werstel en fersterking fan de natuer; <p>binne fan betinken dat</p> <ul style="list-style-type: none">Foar Fryslân binne de agraryske sektor en de natuer fan grutte wearde foar de leefberens fan it plattelân. It maatregelpakket fan de oerheid moat liede ta in fersterking dêrfan. De ynset op ynnovaasje en ferduorsuming dêrby jout perspektyf oan de lânbou en de opkeap- of beëinigingsregeling kin by gebiertsrjochte oanpak de oplossing wêze om romte te bieden oan alle sektoaren yn Fryslân.	
<p>fersykje it kolleezje fan Deputearre Steaten</p> <ul style="list-style-type: none">Om by de Minister oan te trunen op it weinimmen fan de soargen en de ûnrêst by boeren dy't wachtsje op útslútsel oer it legalisearjen fan aktiviteiten dy't ûnder it PAS legaal wienen, lykas de meldingen en it bedongjen.Dúdlik te meitsjen oan de Minister dat by de stikstofreduksje troch de agraryske sektor ferduorsuming en effektive ynnovaasje en oanpaste bedriuwsfiering rûnom N2000 de foarkar fertsjinnet.	

MOASJE

MOASJE

- Derfoar te soargjen dat by ekstern saldearjen mei feehâlderijen der in wichtige regyrol foar de provinsje komme sil om ûnwinsklike situaasjes foar te kommen, lykas leechstân en spekulatyf opkeapjen fan stikstofromte.
- Om in Frysk oanbod te dwaan by de Minister foar it behâld en werstel fan natuer en dêrby gebrûk te meitsjen fan de troch de Minister oankundige finansjele middels.

en gean oer ta de oarder fan de dei

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening)
	FNP, Wopke Veenstra
	CDA, Anne Schelhaas
	VVD, Marten Dijkstra

ferzje 26 maaie 2020